

'Jo kinne sizze, dat wy in bertegolf fan 150 jier achter de rêch ha'

Pieter van Abshoven en de kleine dorpen

Door Bonne Stienstra

IN 1982 VESTIGDE zowel Hans Wiegel als Pieter van Abshoven zich in Friesland. Wiegel als commissaris van de koningin, Van Abshoven als student antropologie. De enige overeenkomst tussen de twee was dat beiden de Friese taal niet beheersten. Van Abshoven: „Ik naam my foar dat as Wiegel syn earste taspraak yn it Frysk hâlde soe, ik it Frysk ek behearskje moast.” Van Abshoven sprak na zes weken vloeiend Fries, Wiegel kwam niet verder dan een enkele 'bjusterbaarlike' opmerking. Maar ter verdediging van de commissaris kan aangevoerd worden, dat Pieter van Abshoven tot de superbegaafden van ons land gerekend mag worden.

Onlangs wees een test uit dat hi tot het 99ste percentiel qua intelligentie behoort. Of eenvoudig gezegd, hij behoort tot die ene procent superbegaafden in ons land. Een IQ van 164 volgens de enschaal en 142 volgens de andere. Wie in het 50ste percentiel zit heeft een gemiddelde intelligentie. Van Abshoven heeft zijn buitengewone intellect lang eerder als een handicap gezien dan als een voordeel. Van Abshoven: „Op de legere skoalle waard my noait wat frege, want ik wist it dochs wol. Mear as de helte fan de tiid ha 'k my ferfeeld. Boppedat heard ik der net by, troch myn yntelliginsje waard ik isolearre. Ik die net mei, ik observearre. Mei it gefolch dat ik net by steat wie kontakten te lizzen.”

Dat speelde zich allemaal af in Zuid-Holland, waar hij ook de HBS volgde. Wiskundehuiswerk hoefde hij niet te maken, maar hij had moeite met het stampwerk, dat vaak juist de taalvakken vragen. De discipline van het domweg uit het hoofd leren had hij niet. Van Abshoven slaagde voor de HBS met onvoldoendes op de talen en meldde zich aan bij de Technische Hogeschool in Delft. Hij koos voor de civiele techniek en de planologie. „Ik wie dwers, oaren hâlden har mei de stêden dwaande, ik mei de doarpen.”

• Kleine dorpen

Zijn vervangende-diensttijd bracht hij op het kantoor van de Novib door. Daar schreef hij een computerprogramma voor de administratie, maar computers interesseerden hem toch ook weer niet zo veel, dat hij er zijn werk van maakte. Van Abshoven had en heeft een brede interesse. Als er een brug gebouwd moest worden in een of ander ontwikkelingsland was hij minstens zo geïnteresseerd in de cultuur van de streek als zijn collega's in de tech-

nische uitvoering. En dus schafte hij zich eerst maar eens een boek aan over de cultuur van het land. Daarmee legde hij al vast de link naar de antropologie. Zijn afstudeerscriptie ging over de kleine dorpen. Volgens goed antropologisch gebruik vestigde hij zich in de omgeving, die hij bestudeerde en zo kwam hij in Tersoal terecht.

„It leafst woe ik nei in gebiet mei in oare taal as it Nederlânsk. Fryslân wie dûbel sa ynteressant om't it hjir om in twatalige site-waasje giet”, legt hij uit. Hij maakte zich in korte tijd de Friese taal eigen, want dat leek hem een eerste voorwaarde om contact te leggen met de bevolking. „Antropology is freegjen nei dingen dy't normaal binne”, verklaart Van Abshoven. „Bygelyks, ik sjoch hjir moarns in famke mei de fyts stean te wachtsjen op de kolonne dy't nei Snits nei de skoallen fyts. Hiel gewoan, alle dagen acht kilometer hinne en acht kilometer werom. Mar foar my in oanknopingspunt om der ek mei de âlderen oer te praten. Acht kilometer hjirre is oars as acht kilometer yn Delft.”

Hij bestudeerde de bevolkingscijfers van de Friese gemeenten en kwam daarbij tot opmerkelijke conclusies. Van Abshoven gelooft niet in het afsterven van het platteland. „Jo kinne eins sizze dat wy in bertegolf fan 150 jier achter de rêch ha. No rinne de ynwenneroantallen yn guon doarpen te bek. Ik fyn dat net dramatysk. Foar 1850 wiene de doarpen ek net sa grut. Doe wiene de gesinnen minder grut as de minsken ferûnderstelle. Men troude faak net earder as nei syn 28ste jier. In hûs en ynkommen wiene belangryk. Om't men sa let troude kamen der ek net folle bern. Fjouwer it gesin wie in soad.”

• Grafieken

Toen na 1850 de industriële revolutie plaatsvond en jonge plat-

telanders naar de steden trokken om er te werken, toen was er plotse sprake van een explosieve bevolkingsgroei. De sociale controle ontbrak en de fabrieken bouwden onderkomens voor de arbeiders. Er werd eerder getrouwd en zo ontstonden de grote gezinnen. Van Abshoven haalt er wat grafieken bij waaruit blijkt dat over een paar honderd jaar gerekend veel dorpen nauwelijks grote veranderingen ondergingen. „Yn in doarpke van 150 ynwenners hoege der mar twa hûshâldings fuort te gean en it ynwenneroantal sakket nei 140. Dat liket in hiele feroaring op dat stuit, mar in oer in lange rige fan jierren is dat yn in grafyk amper werom te finen.”

Ook de afkalkende middenstand op het platteland zet Van Abshoven in wat minder dramatisch perspectief. Natuurlijk is het verlies van allerlei kleine winkeltjes voor de dorpen een verlies en verliest een dorp er enige levensdigtheid door. „Mar ek hjir jildt: wy moatte net krekt dwaan as hat der altyd in middenstân mei in grut ferskaat op de doarpen west. Dat wie eins pas nei 1900 it gefal. Wa't gjin wurk hie en amper in útkearing, begûn wat foar himsels. Hiel lytsskalich, hiel faak 'runden' de froulju de saak. Mar foar 1900 wie it ferskaat oan winkels ek mar lyts.”

Het platteland moet zich pas echt zorgen gaan maken als er land braak komt te liggen. Dat zou het begin van het einde zijn. Van Abshoven: „Tink oan guon streken yn Frankryk. Mar safier sjoch ik it hjir net kommen. Dêrfoar is de grûn hjir te fruchtber. De opheffing fan lytse skoallen is ek noch wol wat in bedriging, want in skoalle is tige belangryk foar in doarp. Eartiids rûnen de minsken nei master ta om in brief skriuwe te litte, no litte se op skoalle in brief even fotokopiearje. De

skoalle hat in sintrumfunksje.”

Het lijkt Van Abshoven ideaal als niet al te grote bedrijven zich in de dorpen zouden vestigen. Zoals Schilstra in Wieuwerd en Schakel in Exmorra. „Dy kant soe it wat útmoatte. Yn it iene doarp wat kantoaren, yn it oare in fabrykje. Tweintich, tritich wurknimmers dy't harren yn it doarp ta wenjen sette”, filosofeert Pieter van Abshoven. „Grappich eins, dat jo soms oan in grafyk sjen kinne dat der yn ien of oar doarp in aktyf pleatslik belang sit of in skoalmaster dy't him foar it doarp ynsetten hat. Schakel yn Eksmoarre of wa dan ek yn Folsgeare.”

Terug naar Pieter van Abshoven zelf, die intussen behalve Nederlands en Fries ook het Engels, Frans, Spaans en Portugees spreekt. Niet allen de officiële landstaal, maar ook vele dialecten. „Dêr ha 'k no ien kear oanlis foar”, stelt hij zonder valse bescheidenheid vast. „As jo in taal leare wolle, moatte jo wol mei de minsken prate. It hat foar my in middel west om kontakten te lizzen, dy't ik miende net lizze te kinnen. It ha my ôfgrysliek holpen om myn emoasjele tekoarten oan te foljen.”

„No bin ik safier, dat ik de talen perfekt prate wol, sa dat net ien heart, dat it eins myn taal net is. Ik ha it echte Ingelsk leard doe 't ik wurke yn in bernekamp yn Ingelân. Jûns giene wy wolris mei kollega's nei in pub. In skoftke lyn wie 'k wer ris yn dy pub. Ik kaam te praten mei in man en lei him út dat ik dêr al ris earder west hie. En wêr ha jo yn de tuskentiid west, frege er my. Ik sei: yn Holân. Hy frege my oft ik no definityf bliuwe soe. Dy man tocht dat ik yn dy streek hikke en tein wie. Dat wie in kompliment. Mar as er sein hie: wat prate jo goed Ingelsk, dan hie dat my sear dien.”



★ PIETER VAN ABSHOVEN: „Foar 1900 wie it ferskaat oan winkels op in doarp ek mar lyts.” (Foto Wietze Landman)